


Skikky



Dizze Skikky is fan: _____





Nij libben

Alle nije libben begjint hiel lyts. Planten komme út in siedsje. Poddestuollen komme út spoaren en minsken en bisten komme út in aike. Soms bliuwt dat aike by de mem yn 'e búk. Dêr wurdt it aike in minske of in bist.

Bisten dy't it aike yn 'e búk hâlde neame we sûchbisten (zoogdieren). Sy drinke de earste tiid molke by de mem. Bisten dy't harren aaien yn de natuer lizze binne fûgels, fisken, ynsekten, amfibiën en reptilen.

Sûchbisten passe faak hiel goed op 'e jonkys. Fûgels ek. Fisken, ynsekten en amfibiën dogge dat net. Dy litte de aaien gewoan achter. De jongen moatte harren sels mar rêde. In pear reptilen passe wol op harren bern. Krokodillen bygelyks. En sommige slangen.




Opdracht:

Út 'e búk of út in aai.

Komme dizze bisten by mem út 'e búk, of sitte se earst yn in aai. Skriuw búk of aai achter it bist.

- | | | | |
|--------------|-------|-------------|-------|
| 1. Aap | _____ | 8. Walfisk | _____ |
| 2. Moskje | _____ | 9. Skyldpod | _____ |
| 3. Kikkert | _____ | 10. Mûs | _____ |
| 4. Hynder | _____ | | |
| 5. Flinter | _____ | | |
| 6. Oaljefant | _____ | | |
| 7. Snoek | _____ | | |



Opdracht 2.

Do hast sels ek in lytse poppe west.


Bisto thús berne of yn it sikehûs?

Hasto by jim mem dronken of út in fleske? Fertel it de klasse.



Seizoenen

Skikky waard berne yn 'e maitiid. De maitiid is ien fan de fjouwer seizoenen. De oaren binne simmer, hjerst en winter. De maitiid begjint op 21 maart. De simmer op 21 juny. De hjerst op 21 septimber en de winter op 21 desimber.




Opdracht 1.

Skriu de moannen fan it jier yn de goede kolom. Kies út: maart, septimber, desimber, juny, april, oktober, july, jannewaris, febrewaris, augustus, maaie en novimber.

Maaitiid	Simmer	Hjerst	Winter
1 maart _____	1 _____	1 _____	1 _____
2 _____	2 _____	2 _____	2 _____
3 _____	3 _____	3 _____	3 _____

Opdracht 2.


Wat fynstoe it moaiste seizoen. Tekenje dat.





Net allegear like âld


Net alle bisten libje like lang. Michjes libje soms mar in pear dagen. Flinters in pear moanne. Moskjes wurde net âlder as in jier as 7. In grutte swan kin wol 20 jier wurde. In mûs libbet ûngefear 3 jier. In oaljefant kin wol 70 jier wurde. Minsken sizze wolris: 'Hoe grutter it bist, hoe âlder as se wurde kinne.'



Opdracht 1.

Dizze bisten fiere hjoed harren jierdei. Se binne al hiel âld. Kinsto riede hoe âld? Set de goede namme by de goede leeftiid. Tip: Hoe lytser it bist, hoe leger it sifer.

Kies út: mûs, hynder, knyn, ko, mich, flinter, geit, cavia en oaljefant.



2 dagen _____

3 moanne _____

3 jier _____

7 jier _____

12 jier _____

18 jier _____

25 jier _____

30 jier _____

70 jier _____

Wat seist as ien syn jierdei fiert? _____

UUUUU



Skikky

UUUUU

Taal 1B feest

Opdracht 1.

Sykje it goede wurd.

Fan 'dom' 'kop' en 'lampe' kinst twa nije wurden meitsje. Domkop, dan bist net sa slim en koplampe. Dat is de grutte lampe fan in auto.

Skriuw de fiif wurden op it goede plak yn de middelste kolom.

Ast it goed dochst en goed sjochst, ûntsteane links en rjochts tsien nije wurden.

Kies út: **blok, bank, tank, fisk en klok.**



pot _____	_____	_____ otter
hout _____	_____	_____ fluit
tsjerke _____	_____	_____ hús
molk _____	_____	_____ auto
sân _____	_____	_____ biljet

Opdracht 2.

Trochstreekpuzel

J	I	E	R	D	E	I	A	R
S	L	N	O	E	R	E	U	E
K	I	M	A	A	R	T	G	B
I	R	Ê	Y	N	U	J	U	M
E	P	H	R	S	G	H	S	I
P	A	J	E	M	E	C	T	S
Y	T	E	T	O	I	I	U	E
L	I	R	N	S	T	M	S	D
U	A	S	I	K	D	I	I	T
J	A	T	W	S	N	O	E	K



- | | | |
|----------|---------|--------|
| Aai | Jierdei | Oere |
| April | July | Skiep |
| Augustus | Juny | Snoek |
| Desimber | Maart | Tiid |
| Geit | Mich | Winter |
| Hjerst | Mosk | |

Aaien lizze hiel faak yn in _____



Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:
aster, noard en **dêrom**. Kinste se op it goede plak sette?

Yn dizze puzel sitte: **strik, klear** en **rôlje**.

1		2		3
2				
3				

1		2		3
2				
3				

Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.
Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

		6		4	
5			2	3	
3	5			6	
		5			
	1				4

